

## Jierferslach 2023 Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân

---

Nei de beheiningen yn 2021 en 2022 fanwege it Koronafirus koe de Mediaried yn 2023 wer regulier byinoar komme. De Mediaried hat yn 2023 fjouwer kear oerlis hân mei de direkteur en de haadredakteur fan de Omrop. De Mediaried hat û.o. útlis krigen oer de spesjale aspekten fan de simmer- en winterprogrammearing. Der is tasein dat yn 'e simmer de Mediaried útnûge wurdt op lokaasje fan in evenemint om sa yn'e praktyk te sjen foar hokker útdagings de Omrop komt te stean. Fierder is der troch de haadredaksje útlein dat de redaksje tenei wurkjen giet yn teams dy't har rjochtsje sille op domeinen. De Mediaried hat him bûgd oer it media-oanbod en dêrby in tal suggestjes dien oan haadredakteur Ingrid Spijkers. Hjirtroch hat it troch de Mediaried oandroegen dossier "sûn bliuwe/beweegejen" in plakje krigen yn de programmearing fan 2024.

Direkteur Houkje Rijpstra hat ús op 'e hichte hâlden fan algemiene fraachstikken dy't op de Omrop ôf komme.

Nei oanlieding fan de lanlike dei fan de Mediarieden is der in wurkgroep gearstald dy't útstellen makke hat om de oanpak fan de Mediaried te fersterkjen. Dit is yn 2023 yn alle gearkomsten oan de oarder kaam en sa is der û.o. besletten om yn 'e maitiid fan 2024 in jûn te belizzen foar ynstellings dy't harren dwaande hâlde mei it tema natuer. Sa kin der fan dizze achterban fernaam wurde wat sy fine fan de wize wêrop dit tema troch de Omrop foar it fuotljocht brocht wurdt en oft sy ideeën ha oer hoe't mooglik better of oars kin. In oare kear kin dan de achterban foar in oar tema útnûge wurde as dizze wurkwize fan beide kanten goed foldocht.

Yn ien fan de oerlizzen is de Mediaried troch de direkteur op de hichte brocht fan de lanlike ynfiering fan it DAB+ sinjaal, dit soe dan yn it plak komme fan it berik oer FM. Sa kin de befolking op termyn net mear op analoge wize de ûnderskate stjoerders ûntfange mar allinne digitaal. Oer de ynfiering en de tûkelteammen dy't dat mei har meibringt is oerlis fan ûnder oare de RPO mei de minister. Yn de Mediaried wurdt de ûntjouwing mei soarch folge; it blykt nammentlik dat it DAB+ yn de grinsgebieten fan Fryslân en op de eilannen de programma's fan Omrop Fryslân noch hieltyd net goed trochjaan kin, wylst skylk de FM kanalen net mear brûkt wurde kinne. Dêrtroch, is de Mediaried fan miening, bestiet it risiko dat in part fan de achterban net by steat is om de moaie programma's fan de Omrop te folgjen, mar wat noch slimmer is, sy kinne mooglik ek net rekkenje op in kontinu goed berik fan de Omrop as rampestjoerder. De Mediaried hat der foar keazen har soarch by brief kenber te meitsjen oan de minister en de Twadde Keamer.

Fryske keamerleden hawwe de minister op de problematyk befrege en nei ûndersyk hat sy oan de keamer tasein en oan de Mediaried kenber makke dat it probleem foaral yn Fryslân spilet en dat FM noch oant 2035 yn 'e loft bliuwt. Sy giet der fanút dat tsjin de tiid dat FM ophâldt de bernesykten fan de ynfiering fan DAB+ achter de rêch binne. Ek yn de Provinsjale Steaten hat dizze problematyk oandacht krigen. De Mediaried wol ek op dizze wize alle belutsenen tankje foar de oandacht dy't jûn is oan dit fraachstik.

De Ried fan Kommissarissen hat de foarsitter fan de Mediaried frege om yn juny del te kommen by harren oerlis en útlis te dwaan oer hokker tema's op de tafel fan de Mediaried komme. Sa hat dy Ried in kompleter byld fan wat der spilet by de Omrop.

Nei oanlieding fan dy besite en de útlis dy't dêr jûn is, is frege om sa'n besite tenei ienris yn it jier dwaan te bliuwen. Dit is besprutsen en tasein yn de Mediaried, mei de fraach oft oarsom ek ienris yn it jier de foarsitter fan de RvK of in oar lid lâns komme kin by de Mediaried om útlis te jaan oer hárren taken en wurklist.

De leden fan de Mediaried sizze tank oan de minsken fan de Omrop foar de nijsgjirrige programma's en de noflike gearwurking. Ek yn 2024 wol de Mediaried besykje de belangen fan de ûnderskate befolkingsstreamen by it programmabelied op 'e nij goed te fertsjintwurdigjen.

Der is yn it jier 2023 in kompleete besetting fan de Mediaried, fan de yn de Mediawet ôfsprutsen geledingen, west. Ut namme fan de agraryske sektor hat de hear P. Sterkenburgh ôfskied naam fan de Mediaried en is opfolge troch de hear J.T. Kooistra.

Fan út de sektor wurknimmers hat frou W. Nieveen yn ferbân mei persoanlike redenen har funksje yn de Mediaried dellein. Har lidmaatskip is oernaam troch frou D. Vollema-Gort.

Namme	Organisaasje	Datum beneaming	Datum werbeneaming	Ôf neffens roaster
G. Kingma	Freonen fan Omrop Fryslân	31-01-2022	31-01-2026	
T. Lageweg	Wurkjouwers   VNONCW	21-11-2022	21-11-2026	
J. Houtsma	Natuer en miljeu   It Fryske Gea	23-05-2016	2020	05-2024
D.A. Fokkema	Deskundige bestjoer   foarsitter	01-09-2022	01-09-2026	
N. Beetstra	Fryske Taal en Kultuer   Ried fan de Fryske Beweging	01-09-2022	01-09-2026	
D. Vollema-Gort	Wurknimmers   FNV	01-09-2022	01-09-2026	
A.J. de Vries	Sport en rekreaasje   Sport Fryslân	11-09-2018	2022	
S. van der Meer	Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach   Fryske Tsjerken   fice-foarsitter	10-12-2018	2022	
M. de Schiffart	Deskundigens media	14-09-2020	14-09-2024	
A. Bruinsma	Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden	14-09-2020	14-09-2024	
J.T. Kooistra	Agraryske sektor   LTO	18-09-2023	18-09-2027	

D.A. Fokkema,  
foarsitter Mediaried Omrop Fryslân

# FERSLACH

---

<b>Gearkomste</b>	:	<b>Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân</b>	
<b>Datum</b>	:	<b>11 desimber 2023</b>	
<b>Oanwêzich</b>	:	Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Johannes Houtsma Geert Kingma Jan Teade Kooistra Tina M. Lageweg Saapke van der Meer  Marrit de Schiffart Daniëlle Vollema-Gort Anne Jochum de Vries	Fryske Taal en Kultuer   Ried fan de Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen   NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd   foarsitter Natuer en miljeu   It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Agraryske sektor   LTO Wurkjouwers   VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach   Ried fan Tsjerken Fryslân Deskundige Media Wurknimmers   FNV Sport en rekreaasje   Sport Fryslân
<b>Fan Omrop Fryslân:</b>	:	Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers	Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
<b>Ofwêzich m.k.</b>	:	-----	
<b>Ferslach</b>	:	Hiltsje Stremmer	direksjesekretaresse
<b>Lokaasje</b>	:	Omrop Fryslân	fideoromte

---

## 1. Iepenjen:

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der is in spesjaal wolkom foar Daniëlle Vollema-Gort as ferfanger fan Wilma Nieveen út namme fan de sektor ‘wurknimmers’. Der wurdt koart in foarstelrûntsje dien.

## 2. Ferslach en aksjelist

### a. Ferslach 18 septimber 2023:

- *Punt 3: Besite Twadde Keamer, rûnetafelpetear:* Houkje Rijpstra lit witte dat der in soad sprekkers wiene en nei oanlieding hjirfan ek in soad fragen steld binne oan de minister. Dizze fragen wurde no meinaam yn it meitsjen fan de nije Bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Mei omdat der safolle fragen wiene hawwe Provinsje en it Ryk it beslút naam om it út te stellen en oer de Krystfakânsje hinne te tillen. It doel is dat it yn it earste fearnsjier fan 2024 syn beslach krije sil. Rijpstra is frij posityf oer de mooglikheid om binnen te heljen wat wy ynbrocht hawwe: oplieding Frysktalige sjoernalistyk om sa op in strukturearre wize te soargjen foar nije oanwaaks. Foar minsken dy’t net allinnich goede sjoernalisten binne, mar dy’t ek begripe hoe’t Fryslân ynelkoar sit en dy’t ek goed mei it Frysk oerwei kinne. Der wurdt yntusken al oan it curriculum wurke tegearre mei Windesheim, fakulteit Grins en NHL/Stenden. Provinsje sit mei it Ryk om tafel om te sjen oft de saken dy’t oan ‘e oarder kaam binne der ek meinaam wurde yn de BFTK.
- *Punt 5d: Smart-octo:* Weromkommend op it oersetten fan artikels op de webside hat Nynke Beetstra fia de mail trochjûn dat by Omroep Flevoland in oersetknop by de artikels stiet foar alle talen en ek yn it Frysk. Der kinne wol fouten yn de oersetting sitte, mar wurdt beneamd dat it automatysk generearre is. Miskien is der hjirfoar ek wat mooglik mei Taalweb of Frysker. Ingrid Spijkers jout oan dat Artificial Intelligence (AI) al hifke wurdt om ús dêrby te helpen, op dit stuit is dat noch net goed genôch, mar ferwachtsje wol dat dat binnen in jier makliker wurde sil.

Dêrneist hat de Omrop sawiesa in twalige app. en dat hawwe de oare omroppen net. Dat wurdt ek hieltiten trochûntwikkele.

Foar byg. 'laaggeletterdheid', soene we graach wolle dat it yn de takomst foarlêzen wurdt; hjir wurdt al wol oan wurke, lit Ingrid Spijkers witte.

Tina Lageweg freget har ôf oft der hjirfoar ek in ferplichting is as kalamiteitenstjoerder? De haadredakteur jout oan dat dat net it gefal is; de radio is ús kalamiteitenstjoerder. En as der in kalamiteit is, stjoere wy yn it Nederlânsk út neffens ôfspraak.

b. Aksjelist:

- Trochrinnende punten kinne fan de list ôf.

**3. Meidielingen:**

- Jierlikse Mediarieden-dei 18 april 2024: Ingrid Spijkers lit witte dat ien fan de haadtema's AI en de tapassingen yn de sjoernalistyk wêze sil; wat binne de etyske kwestjes en hoe betrouber is it. En dêrneist is de digitalisearring in ûnderwerp, om de mediarieden noch mear mei te nimmen yn de online-wrâld. Mar hjirby wurdt de Mediaried sels ek frege nei wêr't ferlet fan is om te bepraten of in workshop oer te dwaan. Dat wurdt koart bepraat.

**Ofpraat** wurdt dat Ingrid Spijkers it tema: '*Hokker rol spylje de Regionale Omroppen yn it maatskiplik debat*' meinimt nei it oerlis oangeande de tariedingen fan dizze dei. Hjirby wurdt benammen tocht oer polarisaasje/haatberjochten ensfh op sosjal media. As it net slagget om dat lanlike op de wurklist te setten dan sil dit ris in tema wêze foar op de wurklist fan dizze gearkomste.

Foar dizze dei sille oanmelden wurde: Doeke Fokkema, Tina Lageweg, Daniëlle Vollema en Johannes Houtsma → **aksje dir.sekr.**

**4. Roaster fan ôfgean:**

- Yn 2024 is Johannes Houtsma ôftredend. Der wurdt al sjoen nei in opfolger fan út Natuer en Miljeu.

**5. Programmasaken**

a. Winter- en krystprogrammearring:

Ingrid Spijkers lit witte dat der in wiidweidige krystprogrammearring wêze sil mei ûnder oare: Bingo fan Tamara Schoppert, in Krystkonsert fan út Snits, it jieroersjoch op TV en by de radio sil der in soad omtinken wêze foar de Fryske top 100. Op 30 desimber is der noch in weromblik op de hichtepunten fan de sport fan it ôfrûne jier. It nije jier sil úteinset wurde mei Sis it Mar (harkers kinne fersykjes dwaan) en dêrneist noch Foarútsjen mei Reitse (benammen oer sûn en duorsum ite en mei de seizoenen ite).

Yn it ramt fan mear bewege/bewegingsearmoede sil yn 2024 de Slachte breder oppakt wurde en yn de oanrin dêr nei ta sil dêr ek omtinken foar wêze. Op moandei is der in nij 10 minute-programma, te witten: 'Scoute mei Berend'; Berend sil mei Arjen de Boer jonge sporttalenten scoute.

Fan 20 jannewaris ôf sil fan út de nije hybride studio it programma Op&Ut as earste programma útstjoerd wurde; dêrnei sille der stadichoan mear programma's folgje. Yn jannewaris sil ek ferslach dien wurde fan de Hynstekeuring.

Fan út de Mediaried komt de fraach oft sa'n Krystperioade ek mear harkers en sjoggers lûkt. Haadredakteur jout oan dat dat dreech te sizzen is, omdat it lêstich is om op wykbasis te monitoaren.

Op de radio hat de Omrop altiten lêst fan de Top 2000, dan misse we altiten in soad harkers by radio. Dêrom sette we gelyk yn jannewaris wer útein mei Sis it Mar om minsken wer werom te krijen. Troch in breed ôfwikseljend programma is der ferline jier wol hiel goed skoard, wy hoopje dat dat no ek wer slagget, lit Houkje Rijpstra witte. We witte wol dat de minsken ús wol fine mei de Krystdagen. Der is in moaie winterkampanje opsetten troch ús ôfdieling Publyk wat útset is op al ús kanalen.

Jan Teade Kooistra: Hoe krijt de Omrop it oantal harkers en sjoggers yn byld? Ingrid Spijkers lit witte dat dat sûnt koart foar alle omroppen rint fia it ûndersyk NMO (Nationaal Media Onderzoek): in lanlik representatyf tal minsken krijt in app op de telefoan en dêrmei wurdt mjitten wat it mediagebrûk is. Op basis dêrfan krijt de Omrop de resultaten. By dit ûndersyk skoare we op de radio op it stuit hiel goed. De Omrop is dêrby kwa merkoandiel twadde/tredde binnen Fryslân. Der binne lykwols noch wolris twivels oer de mjitmetoade fan it NMO. Dêrnjonken is der noch in oar ûndersyk (Motivaction) wêrby't ûngefear 300 Friezen alle moannen frege wurdt wat harren mediagebrûk is. Dizze resultaten kinne in aardich byld jaan; mar it bliuwt wol lêstich om krekte sifers te krijen. De online sifers binne dúdliker.

Wurdt der noch gebrûk makke fan Weromrop, freget Johannes Houtsma him ôf. Dat witte we net krekt lit haadredakteur witte, mar los dêrfan is de Omrop fan miening dat it ek by de publike funksje heart. We binne wol op 'e nij nei de argivearring oan it sjen lit Houkje Rijpstra witte. It Frysk Filmargyf wol bygelyks graach kontent fan de Omrop opslaan. By de Omrop binne we no noch dwaande mei it digitalisearjen fan in part fan ús argyf. Der is in deskundige ynhierd om dêr in plan foar te meitsjen en dat binne we no oan it trochfieren. Lanlik wurdt der sjoen oft we hjiryn mei Beeld en Geluid gearwurkje kinne; dêr sit lykwols wol in reedlik priiskaartsje oan.

## 6. Jierplan 2024

Yn maaie hat de Mediaried de gelegenheid hân om reaksjes te jaan op it konsept. Dat sit benammen yn it ûnderdiel Ferhalen, en dan it punt bewegingsearmoede wat troch de Mediaried foarsteld is om ta te heakjen. Ferline wike is op dit dokumint de goedkar jûn troch de RfK. Konkreet wurdt der ynfolling oan jun troch de Slachte yn oanrin wiidweidich op te pakken. Nynke Beetstra merkt op dat de Omrop fan doel is om de gearwurking mei oare lokale omroppen op te pakken, bygelyks Súdwest. Komt der dan ek oandacht foar it Frysk, want dat brûke sy der net. Ingrid Spijkers jout oan dat it de kar is fan Súdwest sels, mar as der ien detasjearre wurdt fan de Omrop dan wurdt it oanlevere yn it Frysk (krekt lykas Zilt). Omrop Fryslân is wol ree om te helpen om it nivo fan de taal en it sjoernalistike nivo op te heljen. It moat in gearwurking fan beide kanten wêze en der moatte ôfspraken makke wurde oer wat en hoe't der levere wurdt. It rûntsje dat de direkteur by de boargemasters docht, hat opsmiten dat de gemeenten it tige op priis stelle soenen as de streekomroppen gearwurking sykje mei de Omrop om de sjoernalistike kwaliteit en kwantiteit te fergrutsjen.

Tina Lageweg freget oft de Omrop ek muoite hat om meiwurkers te binen oan de Omrop? Houkje Rijpstra jout oan dat it op it stuit noch goed giet mei it binen fan minsken. De kwantiteit nimt wol ôf, mar de kwaliteit is oer it algemien wol goed. Net foar neat is der dêrom ynset op de oplieding Fryske sjoernalistyk en we hawwe twa minsken yntern oansteld om de kontakten mei it ûnderwiis waarm te hâlden sadat we folle mear stazjêres binnen krije. Der wurdt nei allegear mooglike wizen sjoen hoe't we minsken oan de Omrop bine kinne. Dêrneist wurdt foarút sjoen mei in Stragyske Personielsplanning; hjirmei krije wy in goed byld fan wannear't we minsken kwyts reitsje as se mei pensjoen gean, wêr't ûntjouwingskânsen sitte, mar ek wêr't minsken sitte mei unike kennis; sadat we op 'e tiid al ien meidraaie litte om dizze kennis oer te dragen ensfh.

## 7. Byienkomst tema-jûn 11 maart 2024

De wurkgroep hat tegearre mei de haadredakteur dizze tema-jûn fierder útwurke (sjoch taheakke). Der is keazen foar in jûn by de Omrop. Der steane no sa'n 14 nammen op papier dy't de wurkgroep graach útnûgje wol. De fraach oan de Mediaried no is oft der noch nammen mist wurde yn de list of moatte der noch nammen skrast wurde.

Fierder wol de wurkgroep der graach in aktive gearkomste fan meitsje, net allinnich mar sitte en prate, mar ek yn lytse groepkes útinoar. It moat in iepen petear wêze (dat sil yn de útnûging dúdlik makke wurde), om út te wikseljen oer en wer; hoe sjocht de sektor tsjin de Omrop oan en de Omrop heart mooglik nijs/ideeën/oare ynfalshoeken. Der sil gjin ferslach makke wurde. Yn it foar moat dat goed útlein wurde sadat elkenien der mei de goede ferwachting en bylden sit.

**Ofpraat** wurdt om Merk Fryslân en ASR te skrassen fan de list en de Waadferiening ta te heakjen.

De sprektaal sil linich wêze, mar de útnûging sil wol yn it Frysk ferstjoerd wurde. De útnûging wurdt troch de Mediaried fan Omrop Fryslân dien en by foarkar sil in ûnôfhinklike foarsitter (byg. immen fan de Omrop) de byienkomst begeliede. De útnûging sil persoanlik ferstjoerd wurde om foar te kommen dat it it op it ferkearde buro terjochte komt.

Achternei sil der in evaluaasje dien wurde wêrfan't de weromkeppeling yn de maaie-gearkomste fan de Mediaried komme sil. Dan sil der ek in beslút naam wurde wat it folgjende tema wêze sil. Dan sil de taak fan Johannes Houtsma yn de wurkgroep oernaam wurde.

Alle leden fan de Mediaried binne fan herte wolkom foar de byienkomst op 11 maart en sille hjir ek foar útnûge wurde.

## 8. Gearkomstedata 2024 - konsept

De Mediaried giet akkoart mei de foarstelde gearkomstedata 2024 en wurdt hjirmei fêststeld:

Moandei 4 maart 2024 om 16.00 oere

Moandei 13 maaie 2024 om 16.00 oere

Moandei 30 septimber om 16.00 oere

Moandei 9 desimber om 16.00 oere

## 9. Omfregjen

- a. Ut de Fryske Beweging wei (Nynke Beetstra): Is it ek mooglik om werris in Frysk taalspultsje op TV út te stjoeren, om sa it publyk wer by te beheljen. Ingrid Spijkers jout oan dat net yn it plan leit. De Omrop docht al jierren wol it Frysk Diktee en yn de oanrin hjirfan wurdt der ek wol wat mei it Frysk dien. Spultsjes kinne der eins net mear by, want der wurdt al safolle dien en dêrby binne de sjochsifers op TV net sa heech. Minsken sjogge mear *on demand*. Miskien is it noch wol wat om op online mei te dwaan.
- b. Ynventarisaasje ûnderwerpen foar de folgjende gearkomsten; polarisaasje/haatberjochten: Ingrid Spijkers sil hjir nei sjen yn gearwurking mei it sosjal media-team → **aksje Ingrid Spijkers**.

## 10. Sluten

Foarsitter seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om 17.40 oere.

# FERSLACH

---

<b>Gearkomste</b>	:	<b>Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân</b>
<b>Datum</b>	:	<b>13 febrewaris 2023</b>
<b>Oanwêzich</b>	:	Afke Bruinsma Underwiis, edukaasje en wolwêzen   NHL Stenden Nynke Beetstra Fryske Taal en Kultuer   Ried fan de Fryske Beweging Doeke A. Fokkema Deskundige bestjoerlik mêd   foarsitter Johannes Houtsma Natuer en miljeu   It Fryske Gea Geert Kingma Freonen fan Omrop Fryslân Tina M. Lageweg Wurkjouwers   VNO-NCW Saapke van der Meer Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach   Ried fan Tsjerken Fryslân Marrit de Schiffart Deskundige Media Peet Sterkenburgh Agraryske sektor   LTO Anne Jochum de Vries Sport en rekreaasje   Sport Fryslân
<b>Fan Omrop Fryslân:</b>		Houkje Rijpstra Direkteur/bestjoerder Ingrid Spijkers Haadredakteur
<b>Ofwêzich m.k.</b>	:	Wilma Nieveen Wurknimmers   FNV
<b>Ferslach</b>	:	Hiltsje Stremmer Direksjesekretaresse
<b>Lokaasje</b>	:	Omrop Fryslân Fideoromte

---

## 1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Wilma Nieveen is ôfmelden foar de gearkomste yn ferbân mei sykte.

## 2. Ferslach en aksjelist

### a. Ferslach fan 21 novimber 2022:

*Side 3 DAB+:* Foarsitter freget him ôf oft it helpe soe as de Mediaried hjiroer harren soargen kenber makket nei it ministearje fan OCW. Fryslân is de provinsje mei de grutste problemen wat DAB+ oanbelanget. Dêrneist wurdt fan út de Mediaried oppere dat de Omrop ek rampestjoerder is en dat it dêrfoar wichtich is dat de Omrop yn de folsleine provinsje berikber is.

**Beslút:** De foarsitter sil út namme fan de Mediaried (en yn oerlis mei de bestjoerder) in brief skriuwe nei de steatssekretaris fan Kultuer en Media en yn cc nei Deputearre Steaten Provinsje Fryslân, de Veiligheidsregio en de Fryske Twadde Keamerleden: De Jong (D66), De Groot (D66), De Hoop (PvdA) en Bevers (VVD).

### b. Aksjelist: Gjin oanpassingen

## 3. Meidielingen

Foar kundskip lizze taheakke meidielingen.

Bestjoerder ljochtet oangeande de nije wize fan mjitten fan de beriksifers koart fierder ta dat de Omrop lykwols noch wol aardich stabyl bliuwt yn fergelyk mei oare omroppen. Legere beriksifers hawwe benammen gefolgen foar de reklameferkeap. Foarearst jildt de nije wurkwize allinnich foar radio, TV giet nei de simmer oer. Motivaction is de oare mjitwize, dat sette we neist inoar, mar kinne dat net fergelykje.

De piken binne noch wol itselde, is it net sa dat it hielendal net kloppet, mar hoe't it we ynterpretearje moatte is by de nije mjitwize lykwols net te folgjen. Yn Drinthe dogge se dêrom bygelyks al in eigen ûnôfhinklik ûndersyk.

#### 4. Roaster fan Ofgean

- a. Fakatuere Agraryske sektor: Der wurdt oan wurke lit Sterkenburgh witte en tinkt dat dat op net al te lange termyn wol slagget.
- b. Foardracht leden RM by Provinsje Fryslân: wurdt foar kundskip oannaam.

#### 5. Programmasaken

##### a. Ferkiezingsen Provinsjale Steaten 2023

Einredakteur Sybren Terpstra skoot oan en lit witte dat de Omrop de ferkiezingsen grut oppakke sil. Online sil der in soad oandacht wêze foar de wichtige tema's lykas lânbou, kultuer en wenningbou. Dêrneist wurdt der sjoen nei wat de politike partijen wolle. Yn 'e wike foarôfgeand oan de ferkiezingsen sil der alle dagen om 17.30 oere in debat wêze op TV. In live ferkiezingsdebat mei trije of fjouwer listlûkers, ûnder lieding fan Andries Bakker en Eric Ennema.

Op de útslaggenjûn is de Omrop op it provinsjehûs en ferslachjouwers by ferskate gemeenten oanwêzich. De dei dêrnei is de Omrop der mei alle útslaggen en petearen op alle platfoarmen. Der sil yn gearwurking mei de NOS en de oare 13 regionale omroppen mei Kieskompas wurke wurde.

Nei in fraach fan út de Mediaried lit Terpstra witte dat der yn it ferline wol mei oare regionale kranten gearwurke is mei de ferkiezingsen, mar omdat de kranten kommersjeel binne is dat lêstich om te organisearjen.

##### b. Programmearring en projekten kommende tiid

Haadredakteur Ingrid Spijkers lit witte dat der ynkoarten op TV úteinset wurdt mei in searje Fan Binnenút by de Plysje, troch Miranda Werkman. Dizze searje wurdt al op Youtube útstjoerd en is al hiel faak besjoen. Sa wurdt der besocht om it programma op in wat oare wize yn de merk te setten.

Woansdei 8 maart stjoert de Omrop de Silveren Bal live út, dat is in reedriidshow mei in soad ynternasjonale sprinters.

It Kletterdei-konsert wurdt fan út de Martinitjerke fan Boalsert útstjoerd op 18 maart; dat is in spesjaal konsert as oade oan fiif jier 11 Fountains yn Fryslân. Kommende woansdei 15 febrewaris is de aksjedei 555 en dêr hat de Omrop ek in soad omtinken foar.

Yn maaie sil in nije rige fan de Maitiidswalker útstjoerd wurde mei Remco de Vries. Dêrneist sille we ek wer fierder mei de Thúsakademy; der sil besocht wurde om dat foar in oantal jierren fêst te lizzen.

Ofrûne tiid hat de Omrop in soad omtinken foar de earmoed hân troch eigen ferhalen. Hjirfan is krekt de evaluaasje west en dêr is yn nei foarren kaam dat we de kommende tiid mear fan dit soarte eigen ferhalen bringe wolle.

#### 6. Jierferslach 2022

Taheakke leit it konsept jierferslach Mediaried 2022 ta besprek.

Op foarstel fan Johannes Houtsma wurdt de folgjende tekst oan it jierferslach taheakke:

“De Mediaried hat ek harren rol yn 'e beliedscyclus fan de Omrop.

Yn 'e gearkomste fan jannewaris is it jierplan fan 2022 sa as yn novimber 2022 fêststeld troch de Ried fan Kommissarissen foar kundskip op 'e wurklist fan 'e Mediaried behannele.

It ûnderwerp 'wenjen' is dêryn as tema meinaam op ferfolch fan wat de Mediaried yn 2021 yn 'e kaderbrief meijûn hat. Tema's yn 2022 wiene dêrmei:

- Smeltende tradysjes (foar in part yn gearwurking mei Tryater)
- Enerzjytransysje
- Natuerbeleving & Ekologie
- Wenjen

Yn de april-gearkomste hat de mediaried ynput jûn op de konsept-kaderbrief foar it jierplan 'ferhalen' 2023. Neist de punten út it eardere jier binne op fersyk fan de Mediaried meinaam it tema earmoede (twadieling yn de mienskip/enerzjy-earmoede).

Yn de definitive kaderbrief, dy't yn de septimbergearkomste foar kundskip op 'e wurklist stie is de ynbring fan de Mediaried en de lanlike tema's ferwurke. Fanút de kaderbrief hawwe direksje en haadredakteur en kollegae it jierplan 2023 makke, wat dêrnei ta fêststelling foarlein is en fêststeld is troch de Ried fan Kommissarissen en foar kundskip op de wurklist fan de Mediaried fan novimber 2022 stie."

## 7. Rol fan de Mediaried

Presintaasje wurkgroep (Johannes Houtsma, Afke Bruinsma en Anne Jochum de Vries).

### **Kennis Mediaried:**

*Basis/begjannerspakket nije leden Mediaried*

- Hânlieding Mediaried (fia in link) en Kom Fierder. It Konesjebeliedsplan sil net by dit pakket oanbean wurde.
- Utlis RPMI (en status dêrfan)
- Gearstalling fan de Mediaried
- Jierplan Ferhalen
- Ynwurkprogrammearring: meirinne /rûnlieding; soe ek yn heal oere foarôfgeand oan de gearkomste dien wurde kinne troch de haadredakteur bygelyks.

**Beslút:** Folgjende gearkomste foar elkenien in rûnlieding (april-gearkomste?) en dat wurdt ek de fêste tiid foar de rûnlieding fan nije leden. De Omrop pakt it gearstallen en stjoeren fan it basispakket op.

*Breder sjen:* wurdt foarearst gjin prioriteit oan jûn.

*Utwikseling – mei in oare Mediaried in (part fan in) dei:* wurdt foarearst gjin prioriteit oan jûn.

*Kontakt mei de RfK*

**Beslút:** Foarsitter hat ien kear yn it jier kontakt mei de RfK. Dit jier sil dat yn juny wêze en de foarsitter sil dan de RfK útnûgje foar ien fan de kommende Mediaried-gearkomsten.

### **Gearstalling mediaried:**

- Jongerein is gjin aparte de doelgroep fan de Omrop/Mediaried.
- Migraasjeachtergrûn – as ûnderwerp en eventueel as nij lid (Tumba bygelyks?)
- Toerisme en/of duorsumens taheakje?

(Nei de gearkomste útsocht troch Houkje Rijpstra: Sjoch taheakke hânlieding Mediaried en fan de karbrief fan Omrop Fryslân, kêst 14)

### *Profyl en oanstellingsproseduere foar de foarsitter fan de Mediaried*

De Mediaried sjocht yn de takomst graach mear belutsenens fan út de Mediaried by de kar fan in nije foarsitter.

**Beslút:** Tenei sil der in delegaasje fan út de Mediaried by de petearen mei de kandidaat foarsitter oanwêzich wêze, of al earder by it sykjen nei in nije foarsitter.

### *Wetlike taken Mediaried*

Allinnich Media-oanbod belied fêststelt is in taak fan de Mediaried. De oare punten binne foar de direkteur (mar wurde wol foar kundskip oan de mediaried foarlein).

Fan út de Mediaried wurdt oppere dat der miskien wat better gebrûk makke wurde kin fan inoar. Bepaalde ûnderwerpen soene bygelyks troch eigen leden tared wurde kinne.

**Beslút:** By it Omfreegen of in apart punt op de wurklist taheakje wêrby't leden punten foar de wurklist oandrage kinne. Dêrneist sil der in oantal wike yn it foar ynput frege wurde foar de wurklist.

*Iepen temabijeekomsten:* wurdt foarearst gjin prioriteit oan jûn.

*Periodike besite:* bygelyks ien kear per jier ekspertmeeting of temajûn by ien fan 'e leden en har achterban oer in maatskiplike relevant tema. Sa kin de achterban-opdracht fan de leden ek wat mear ta libben komme en foar mear begrip nei inoar ta. Dit sil letter fierder ynfolle wurde.

De foarsitter seit de wurkgroep tige tank foar harren wurk. Hjir sil de Mediaried yn de folgjende gearkomste fierder mei oan 'e slach.

## **8. Omfreegjen**

- Op 30 maart is der wer in lanlike dei foar de Regionale Mediarieden. De folgjende leden sille oanmelden wurde: Afke Bruinsma, Marrit de Schiffart, Johannes Houtsma en Doeke Fokkema → **aksje dir.sekr.**
- Noordelijke mobiliteitsalliantie: Tina Lageweg lit witte dat begjin febrewaris de Noordelijke Mobiliteitsalliantie úteinset is en dat der op 23 febrewaris in earste gearkomste is. Haadredakteur nimt dat mei nei de redaksje. Dêrneist jout Ingrid Spijkers oan dat it goed is om soksoarte ûnderwerpen te dielen yn dizze gearkomste en troch te jaan foar de redaksje.
- Panel Omrop Fryslân: Ingrid Spijkers lit witte dat der hjirmei in eigen kwalitatyf ûndersyk dien Der binne op dit stuit al hast 300 oanmeldingen.
- Undersyk fan beliedsmeiwurker Frysk: Nynke Beetstra freget nei de stân fan saken. Bestjoerder lit witte dat ûndersyk yn 2022 ôfrûne is. Hjiryn is it advys jûn om oangeande subsydzjes ús eigen meiwurkers dat yn Fryslân dwaan te litten, mar om it Europeesk op te pakken dat dat te folle is. Jitske bliuwt as beliedsmeiwurker Frysk en makket in beliedsplan.
- Foarsitter lit witte dat hy, as alles goed giet, yn april in heupoperaasje ûndergean sil; mooglik sil hy dan net by de gearkomste fan maaie oanwêzich wêze.

## **9. Sluten**

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 18.10 oere.

## FERSLACH

---

<b>Gearkomste</b>	:	<b>Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân</b>	
<b>Datum</b>	:	<b>15 maaie 2023</b>	
<b>Oanwêzich</b>	:	Nynke Beetstra Doeke A. Fokkema Johannes Houtsma Geert Kingma Tina M. Lageweg Saapke van der Meer Marrit de Schiffart Peet Sterkenburgh Anne Jochum de Vries	Fryske Taal en Kultuer   Ried fan de Fryske Beweging Deskundige bestjoerlik mêd   foarsitter Natuer en miljeu   It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Wurkjouwers   VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach   Ried fan Tsjerken Fryslân Deskundige Media Agraryske sektor   LTO Sport en rekreaasje   Sport Fryslân
<b>Fan Omrop Fryslân:</b>		Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers	Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
<b>Ofwêzich m.k.</b>	:	Afke Bruinsma Wilma Nieveen	Underwiis, edukaasje en wolwêzen   NHL Stenden Wurknimmers   FNV
<b>Ferslach</b>	:	Hiltsje Stremmer	Direksjesekretaresse
<b>Lokaasje</b>	:	Omrop Fryslân	Fideoromte

---

### 1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Afke Bruinsma en Wilma Nieveen binne mei kundskip ôfwêzich.

### 2. Ferslach en aksjelist

#### a. Ferslach fan 13 febrewaris 2023:

Nei oanlieding fan:

*Side 2, punt 5a. Ferkiezings Provinsjale Steaten:* Ingrid Spijkers freget de oanwêzigen oft harren noch wat opfallen is mei de ferkiezings by de Omrop? Fan út de mediaried wurdt opmurken dat alle partijen de mooglikheid hân hawwe om hjiroan mei te dwaan. De haadredakteur jout oan dat yn tsjinstelling mei oare jierren dêrom ek keazen is foar in oare foarm fan debat. It wie wol in eksperimint, mar oan de ferskate reaksjes te hearen hat dat wol goed útpakt. Minsken fielden har wol goed ynformearre.

Online hat de Omrop dizze ferkiezings yn gearwurking mei Kieskompas oppakt; dat is sa'n 140.000 kear ynfolle, dat is in hiel soad. Der is in soad tiid yn stutsen troch de redaksje, mar der binne ek in soad ferhalen út helle. De Omrop is sels tige tefreden oer dizze nije foarm.

*Side 4, punt 8 Panel Omrop Fryslân:* der hawwe harren no sa'n 500 minsken opjûn foar it Omrop Fryslân panel, fan ferskate generaasjes, lit Ingrid Spijkers witte. Ofrûne freed is der bygelyks in enkête hâlden oer wat it publyk fynt fan ús muzyk; hjirfan binne al mear as 100 reaksjes werom. Dat jout de Omrop in soad ynformaasje.

b. Aksjelist: gjin oanpassingen.

### 3. Meidielingen

#### - Weromsjen nei lanlike dei Regionale Mediarieden 30-03-2023

Fan de Mediaried fan Omrop Fryslân binne Marrit de Schiffart, Johannes Houtsma en Afke Bruinsma by dizze dei oanwêzich west.

Marrit de Schiffart lit witte dat der in ynliding wie fan Bart Brandsma oangeande polarisaasje en wat dat op it stuit docht mei minsken en hoe't de media dêr in rol yn hawwe kin. It wie in ynteressante presintaasje mei goede foarbylden.

Ingrid Spijkers lit witte dat Brandsma dat ferhaal ek by de regionale omroppen dien hat en dêr is de FryslânDOK searje 'De boaiem berikt' ek út ûntstien; net de brânstof jaan, mar in laach djipper sjen. Polarisaasje is net altiten ferkeard, mar it moat wol yn perspektyf besjoen wurde.

Dêrnei giene de oanwêzigen út ien nei trije ferskate lêzingen. Smartocto, AI/ChatGPT, diversiteit fan publyk yn de provinsje. It wie wis de muoite wurdich om sa'n dei mei te meitsjen, jout Johannes Houtsma oan.

- Reaksje steatssekretaris Uslu brief Mediaried oangeande DAB+

Houkje Rijpstra ljochtet ta: kwa berik en beäntwurdiging hat de Omrop krigen wat it hawwe woe. Der stiet lykwols wol yn dat de Omrop sels aksje ûndernimme moat/kin om ferbetteringen oan te bringen. De Omrop sit yn in lanlik oerlis en dêr wurdt oan wurke. We hoopje yn augustus in foldwaande dekking te hawwen; dat sil fansels testen wurde. Dêrneist hat de steatssekretaris oanjûn dat oant 2035 FM noch neist DAB+ beskikber wêze sil, dêr is de Omrop wol bliid mei.

De Ried fan Kommissarissen is hjioer ynformearre en hat frege wêrom't de brief net ek út namme fan harren ferstjoerd is. Houkje Rijpstra hat útlein dat de Mediaried ferantwurdlik is foar it mediaoanbod en dat dat ûnderwerp dêrom better by de Mediaried heart. Dêr wie de RfK it mei iens.

De Mediaried hat mei it brief wol wat los makke. De Omrop is foarearst no ophâlden mei de spotsjes oangeande DAB+. Bestjoerder hat hjirfoar binnen it oerlis fan de direkteuren permisje frege en ek krigen. Fryslân is eins de iennige provinsje dêr't it minne berik fan DAB+ sa bot spilet.

- Jierferslach 2022 Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân

Foar kundskip leit it jierferslach 2022.

Nynke Beetstra freget har ôf wêrom't it ferslach net yn it Frysk skreaun is. Houkje Rijpstra leit út dat it ferslach benammen skreaun is foar it Commissariaat voor de Media en dat dit harren format is. Der wurdt net in publyk ferslach makke.

- Freonen fan Omrop Fryslân: Geert Kingma lit witte dat der foar it earst (nei de jierren fan corona) wer in jierfergadering fan de Freonen fan Omrop Fryslân west hat. It bestjoer is no ek wer kompleet. It wie in goeie gearkomste en der wiene aardich wat minsken.

#### 4. Roaster fan Ofgean

Taheakke leit de foardracht foar in nij lid Agraryske sektor, te witten: Jan Teade Kooistra.

De Mediaried giet akkoart mei dizze foardracht fan LTO Noord. De foardracht sil no foarlein wurde oan Provinsje Fryslân. Foarsitter Fokkema seit Sterkenburgh tank dat hy salang't de sit noch net ynfolle wie, oanbliuwe wollen hat.

#### 5. Programmasaken

##### Presintaasje Simmerprogrammearring 2023 troch Ingrid Spijkers

Presintaasje Simmer yn Fryslân, ien grut festival. Haadredakteur lit witte dat de Omrop op dizze wize oeral tichtby en sichtber wêze wol.

De folgjende programma's/projekten steane ûnder oare klear foar de kommende tiid:

- It Frysk Diktee
- Fyts-11-stedetocht oant 22.00 oere

- Doarpetour yn 'e simmer
- Simmer yn Fryslân-festival, mei de ferskate sporten: PC, Freule, FrouljusPC, Skûtsjesilen en FK Fierljeppen.

Fan út de Mediaried wurdt opmurken dat der yn it filmke wol bier dronken wurdt en smookt wurdt; wol de Omrop dat sa promoate? It is registrearre en wurdt net promoaten troch de Omrop, merkt Ingrid Spijkers op. Dêrneist merkt Nynke Beetstra dat it moaier wêze soe as der in Frysk ferske ûnder it filmke pleatst wurde soe.

Wat it skûtsjesilen oanbelanget sil der fan de SKS lykas foargeande jierren op radio en TV live ferslach dien wurde. En yn goed oerlis mei it bestjoer fan de IFKS sil der fan de IFKS in live-ferslach fan de wedstryd op de radio wêze en op TV sille de ferhalen achter de IFKS sjen litten wurde.

Tina Lageweg freget nei de gearwurking mei MAX oangeande it skûtsjesilen; Ingrid Spijkers lit witte dat it ferslach troch de Omrop makke wurdt en dat der hjiroer in goede gearwurking mei MAX is.

Nynke Beetstra freget wêrom't der gjin Noardewynpodium wie op it Befrijingsfestival; dat wie altiten goed foar de PR fan Fryslân. Ingrid Spijkers lit witte dat it idee wie om dit jier wat oars as oare jierren te dwaan, mar dat is úteinlik spitigernôch net slagge. As it goed is sil der takom jier wol wer in Noardewynpodium wêze.

Doeke Fokkema merkt op dat earder de personele ynset in probleem west hat, giet dat al wat better? Haadredakteur jout oan dat we troch corona dêr mear lêst fan hân hawwe, mar dat it no al better yn de planning setten is. Yn de simmerperioade sil bygelyks Fryslân Hjoed, lykas ferline jier net live-presintearre wurde. We sitte noch net al te rom yn it jasje, mar it liket wol goed te kommen. Fokkema freget him ôf oft it idee is om hjirfoar mei de NHL gear te wurkjen. Ingrid Spijkers jout oan dat dat al bard. By de Omrop binne twa minsken dy't de bannen mei de organisaasjes oangeande oplieding lykas RUG, Windesheim, Friese poort, NHL ensfh oanhelje. Us wichtichste útdaging is goed (Frysk) persoanlik. Mei de NHL en Provinsje is de Omrop dwaande om in hjirfoar in minor op te setten. Dêrneist wurdt der gearwurke mei Yung Frysk fan de Provinsje om sa de jongere doelgroep wat mear oan de Omrop te binen.

Foarsitter winsket haadredakteur en redaksje in soad sukses ta foar de kommende tiid.

## **6. Fan út de beliedssykylus/Ynput foar útgongspunten Ferhalen**

Ingrid Spijkers: Fan út de Kaderbrief is it beslút naam om de wurkwize op de redaksje oan te passen nei 'online liend'. Dat hat gefolgen foar it meitsjen fan radio en TV. Der wurdt sjoen wat der deistich spilet en dêrnei wurdt it ferdield nei de ferskate platfoarmen, foar neiere 'duiding' of in oare ynfalshoeke. It ynfieren fan dizze wurkwize giet stadichoan. De Omrop sjocht ek dat it publyk harren mear ferpleatst nei online.

It meast wichtige is dat de Omrop relevant wêze moat foar it publyk. Fan alle Friezen wurdt no noch sa'n 83% berikt en online hat hjiryn noch wol groei-potinsje. Der wurde no noch safolle ûnderwerpen makke, mar is kwantiteit altiten kwaliteit? Wy wolle altiten alles dwaan, dat kin net mear en dêrom moat der karren makke wurde. Wêr is de Omrop fan tafoege wearde; dêr wolle we folle mear op stjoere.

De Mediaried praat mei de haadredakteur oer de ynbring fan Ferhalen foar takom' jier. As der sjoen wurdt nei de ferskate domeinen (Lân en Wetter, Wolwêzen, Kultuer en Sport), hokker dossiers soene oandacht krije moatte by Ferhalen? De Mediaried draacht ferskate ûnderwerpen oan lykas (Fryske) muzyk, ferieningslibben, flechtlingen problematyk, (perspektyf fan) ferskate generaasjes, ferbining (yn tiden fan polarisaasje) en multykulturele ynstek. Foar it domein Wolwêzen wurdt it dossier *sûn bliuwe/beweging* oandroegen. Ofpraat wurdt dat haadredakteur dat ûnderwerp meinimt as ynput foar 2024.

Doeke Fokkema freget de haadredakteur hoe't de ynfiering fan de nije wurkwize ferrint? Ingrid Spijkers lit witte dat moarn de ôftraap wêze sil fan de nije wurkwize en hoe't de Omrop dêr stap foar stap hinne wurkje sil. Yn de simmer sil elkenien foarearst wer yn it roaster werom gean. Fan septimber ôf sil der dan echt úteinset wurde. It is yn alle gefallen in revolúsje binnen it bedriuw. Minsken wurde ferantwurdlik makke foar de kanalen. Der moatte oare type ferhalen brocht wurde en der wurdt mear op de spesjalistyske kennis rjochte. Fokkema advisearret om dit wol goed te monitoaren, want it is wol in sprong yn it djippe. Ingrid Spijkers jout oan dat dat fansels dien wurde sil en dat it sa ek mei de ûndernimmingsried ôfpraten is.

## 7. Omfreegjen

### - Ynventarisaasje ûnderwerpen foar de folgjende gearkomste:

Ofpraat wurdt dat as de teams op de redaksje los binne, dat der dan in gearkomste foar de achterban fan de Mediaried organisearre wurde sil om te hearen wat sy fan de berjochtjouwing fan de Omrop fine → **aksje:** hjirfoar sil in oerlis mei Anne Jochum de Vries, Johannes Houtsma, Afke Bruinsma en Ingrid Spijkers ynpland wurde om dat ta te rieden.

### - Beneaming foarsitter:

Anne Jochum de Vries jout oan dat yn de febrewaris-gearkomste besluten is dat de Mediaried yn de takomst tenei earder belutsen wurde sil by it sykjen nei in nije foarsitter. Moat hjirfoar de karbrief ek oanpast wurde? Ofpraat wurdt dat bestjoerder de karbrief hjir op nei sjen sil en komt yn de septimber-gearkomste op de wurklist te stean → **aksje wurklist 18-09-2023**

## 8. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 17.40 oere.

Oanslutend wurde alle leden útnûge foar it ôfskied fan Peet Sterkenburgh (lid Agraryske sektor) mei in hapke en in drankje. Sterkenburgh wol elkenien graach tige tank sizze foar de ôfrûne tiid by de Mediaried en jout oan dat hy in soad te witten kommen is oer hoe't it yn de Media wurket.

# FERSLACH

---

<b>Gearkomste</b>	:	<b>Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân</b>
<b>Datum</b>	:	<b>18 septimber 2023</b>
<b>Oanwêzich</b>	:	Nynke Beetstra Doeke A. Fokkema Johannes Houtsma Geert Kingma Tina M. Lageweg Saapke van der Meer
		Fryske Taal en Kultuer   Ried fan de Fryske Beweging Deskundige bestjoerlik mêd   foarsitter Natuer en miljeu   It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Wurkjouwers   VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach   Ried fan Tsjerken Fryslân
		Marrit de Schiffart Jan Teade Kooistra Anne Jochum de Vries Afke Bruinsma
		Deskundige Media Agraryske sektor   LTO Sport en rekreaasje   Sport Fryslân Underwiis, edukaasje en wolwêzen   NHL Stenden
<b>Fan Omrop Fryslân:</b>		Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers
		Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
<b>Ofwêzich m.k.</b>	:	Wilma Nieveen
		Wurknimmers   FNV
<b>Ferslach</b>	:	Antine de Hoop
		Haadredaksje sekretaresse
<b>Lokaasje</b>	:	Omrop Fryslân
		Fideoromte

---

## 1. Iepenjen:

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Ofwêzich mei kundskip Wilma Nieveen. Nij Mediaried lid Jan Teade Kooistra wurdt fan herte wolkom hjitten en foarsteld oan de oanwêzigen. Tina Lageweg lit witte dat sy earder de gearkomste ferlitte sil yn ferbân mei oare ôfspraken.

## 2. Ferslach en aksjelis

### a. Ferslach 15 maaie 2023:

Opmerking by punt Meidielingen:

- *Weromsjen nei lanlike dei Regionale Mediarieden 30-03-2023:* Fan de Mediaried fan Omrop Fryslân binne Marrit de Schiffart, Johannes Houtsma en Afke Bruinsma by dizze dei oanwêzich west. Dat wurdt oanpast yn it ferslach → **aksje dir.sekr.**
- *FryslânDOK “De boaiem berikt”:* Foarsitter Doeke Fokkema wol graach noch in taljochting hawwe op it yn it ferslach omskreaune útspraak; net de brânstof jaan, mar in laach djipper sjen. Ingrid Spijkers reagearret hjir op troch út te lizzen dat der al in foarstel lei om dizze dokumintêres te meitsjen. Mar de dokumintêre rige “De Boaiem berikt”, is in foarbyld fan hoe’t je sûnder te polarisearjen in yngewikkeld ûnderwerp oanpakke kinne.
- *Minne berik fan DAB+:* Houkje Rijpstra lit witte dat it ûndersyk noch hieltyd rint. Punt skood troch nei de folgjende gearkomste.

### b. Aksjelist:

- *Beneaming foarsitter Mediaried:* Sa as earder al besluten sil de mediaried earder belutsen wurde by it sykjen nei in nije foarsitter. Moat de karbrief hjirfoar ek oanpast wurde? Houkje Rijpstra lit witte dat der neat feroaret. De foarsitter wurdt keazen út it fermidden fan de mediaried; punt kin fan de aksjelist ôf.

- Fraach fan Jan Teade Kooistra oer it beneamen fan de foarsitter út de leden fan de mediariëd. Hoe ferrint dy prosedueren: Houkje Rijpstra jout útlis oer hoe't de prosedueren ferrint en oan hokker kompetinsjes de foarsitter foldwaan moat.
- Fermelding ynhâld FryslânDOK yn gidsen: kin fan de aksjelist ôf. Houkje Rijpstra lit witte dat de ôfd. Publyk ûndersocht hat oft dizze fermelding yn de gidsen noch wol in mearwearde hat. Mar it levert net it winske resultaat op.
- *Besite oan Ried fan Kommissarissen*: foarsitter Doeke Fokkema hat op útnûging oanwêzich west by de gearkomst fan de RfK. Foarsitter hat útlis jûn oer de ynhâld fan de wurklisten en de taken fan de Mediariëd. Fierder is der ôfpraat dat ienris yn 't jier in ôffurdiging fan de RfK in gearkomste fan de Mediariëd bywenje sil → **aksje dir.sekr** sil hjirfoar in ôfspraak meitsje.

### 3. Meidielingen:

- Tina Lageweg: lit witte dat Janneke Hoitinga de nije foarsitter is fan it regiobestjoer Fryslân fan de ûndernimmers en wurkjouwers organisaasje VNO-NCW MKB Noord. Sy is hikke en tein yn Fryslân.
- Houkje Rijpstra hat as bestjoerder fan Omrop Fryslân in útnûging krigen fan de Twadde Keamer om diel te nimmen oan it *rondetafelgesprek over de bestuursafpraak Friese taal en cultuur* op 12 oktober yn Den Haach. Houkje jout taljochting wat har ynstek wêze sil. Foar de takomst fan de Omrop is it wichtich dat der foldwaande Frysktalige sjoernalisten oplieden wurde. It fersyk is dan ek om struktureel jild beskikber te stellen foar in minor oplieding Frysk oan de NHL-Stenden, of in bredere oplieding Frysk en Kultuer. Fierder sil der in garantstelling komme moatte, dat wannear der minder as 25 studinten binne de oplieding wol bestean bliuwt. Nynke Beetstra freget oft der ek ôffurdigen fan de Provinsje mei gean? Houkje Rijpstra jout oan dat Kommissaris Brok ek útnûge is.
- Marrit de Schiffart freget oft der ek oerlis is mei oare sjoernalistike opliedingen sa as de hege skoalle Windesheim? Houkje lit witte dat der seker ûnderling oerlis is tusken de hege skoallen. Allinnich NHL-Stenden is der al klear foar om te starten mei dizze oplieding.
- Houkje Rijpstra jout oan dat Omrop Fryslân tegearre mei de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad foar it twadde jier in traineeship projekt opstarten hawwe. Trije trainees rinne ôfwikseljend mei op de redaksjes en krije oplieding yn de Fryske taal en kultuer. Mar dit is eins net de taak dy't by media bedriuwen heard. Dêrom is it wichtich dat der in strukturele oplossing komt foar in gedegen oplieding Fryske Taal en kultuer.

### 4. Roaster fan ôfgean:

- Fertsjintwurdiging FNV/wurknimmers Wilma Nieveen hat oanjûn dat se har lidmaatskip fan de Mediariëd om persoanlike redenen opsizze wol. Daniëlle Vollema-Gort is foardroegen as nije fertsjintwurdiger út namme fan de wurknimmers. De Mediariëd giet akkoart mei de foardracht. Har foardracht sil hjirnei foarlein wurde oan Deputearre Steaten. Wannear't DS ek akkoart is, sil Daniëlle Vollema-Gort útnûge wurde foar de earstfolgjende Mediariëd gearkomste.
- Johannes Houtsma lit witte dat hy it folgjende jier ôfgeand is, mar no al hifkje sil by syn achterban foar in geskikte kandidaat.

## 5. Programmasaken

### a. Evaluaasje Simmer yn Fryslân 2023:

It wie in drokke simmer mei hiel wat eveneminten wêr't de Omrop ferslach fan dien hat. Sa as de fyts 11-stêdentocht, de PC, de SKS en IFKS skûtsjesilen, De Freule de Frouljus PC en it FK fierljeppen. De kampanje Simmer yn Fryslân hat it ek goed dien. Dat wie in nije ynstek as oare jierren. De kollega's fan de ôfdieling Publyk hawwe op ús sosjale platfoarmen omtinken jûn oan oare eveneminten, om sa ek oare doelgroepen te berikken.

Marrit de Schiffart is fan miening dat Simmer yn Fryslân in begrip wurden is yn ús provinsje. Anne Jochem de Vries fynt dat de sport ek goed fertsjintwurdige wie yn de programmearring. Spitich dat it IFKS skûtsjesilen net live te folgjen wie. Ingrid Spijkers lit witte dat dat hast net mooglik is mei it ferskaad oan klassen om dat yn byld te bringen.

Nynke Beetstra de útstjoeringen fan MAX binne ek goed besjoen, dat is ek goed foar de Omrop.

Foarstel fan foarsitter Doeke Fokkema om de Mediariedleden út te nûgjen foar in simmer evenemint. Dan kinne se ris mei meitsje hoe't it der om en ta giet op lokaasje → **aksje Ingrid Spijkers** komt mei in foarstel hokker evenemint hjir geskikt foar is.

### b. Programmearring hjerst/winter:

Yn septimber is it 10 minuten-programma De Oertocht wer fan start gien. Programmakker Herman Zeilstra ûndersiket de duorsume takomst fan it ferfier en it libben op Skiermûntseach en it Amelân.

Yn novimber is der ek wer in nije rige fan it programma BYT, presintator Tamme Smit giet te fiskjen mei bekende Friezen. Fierder docht Omrop Fryslân noch live ferslach fan in oantal live eveneminten sa as it Flaeijelfeest, it hurdfytsevenemint BetCity Elfstedenrace, Liet en Indoor Friesland en it Regionale Sjongfestival yn Utert.

Wat de lanlike ferkiezings yn novimber oanbelanget lit Ingrid Spijkers witte dat der keazen is foar omtinken yn de reguliere programmearring. De dei nei de ferkiezings sil der yn de nijsprogramma's útlis jûn wurde oangeande de útkomsten.

Nynke Beetstra stelt de fraach oft der ek kontakt west hat mei de Ljouwerter Krante oer gearwurking. Ingrid Spijkers lit witte dat hjiroer noch gjin kontakt west hat.

Marrit de Schiffart freget wat oare regionale omroppen dogge mei dizze ferkiezings. Allinnich Omroep Brabant, Omroep Zeeland en L1 stjoere in debat út, lit Ingrid Spijkers witte.

De redaksje fan FryslânDOK stjoert alle freedtejûnen yn oktober in talkshow en in dokumintêre út ûnder de namme fan DOKtober. Fierder stjoere we dit jier ek noch de film Grutte Pier yn fiif ôfleveringen út.

Fierder rint der ek noch in projekt mei de trije noardlike regionale omroppen om in Podcast-rige mei byld op te nimmen oangeande ekonomyske en sosjale ûnderwerpen.

De film Bartle Bûse, makke troch de ôfdieling Tsjil, giet 26 oktober yn premjêre yn Cinekid, it filmfestival fan bern. En wurdt fierder noch yn in oantal lannen oer der wrâld útbrocht.

Foarsitter Doeke Fokkema hat yn de Simmer yn Fryslân-perioade de iepenloftspullen wol mist. Omrop Fryslân hat in resinsint dy't nei alle iepenloftspullen giet en de iepenloftspullen sels komme yn Op&Ut oan 'e oarder. Fierder jout Ingrid Spijkers oan dat de Simmer yn Fryslân-perioade allinnich yn de simmer wiken is en de iepenloftspullen falle hjir faaks bûten.

### c. Nije wurkwize:

Ingrid Spijkers jout in presintaasje fan de nije wurkwize Kom fierder. De nije wurkwize is fan start gien yn septimber. Der wurdt op de redaksje mear ynsetten op ferhalen en tema's. It earste domein team *bestjoer en mienskiplike saken* is fan start gien yn septimber.

Yn it team sitte in oantal spesjalisten dy't ferhalen oanleverje foar online, telefyzje en radio. Der wurdt mear yn it foar wurke en de ferslachjouwers hawwe mear tiid om in netwurk op te bouwen. De programma's Fryslân Hjoed en It waarberjocht komme no ek fan út de nije hybride studio wei. Yn dizze studio is mear mooglik dan yn de âlde Fryslân Hjoed-studio.

→ **aksje**: de presintaasje wurdt neistjoerd oan de Mediaried.

d. Smart Octo:

Mei dit systeem wurkje anst alle Regionale Omroppen. It systeem lit sjen hoefolle minsken it berjocht lêzen hawwe en wat sy wichtige ynformaasje fine. Sa kinne de ferhalen better ôfstimd wurde op it publyk en besjoen wurde op hokker platfoarm it ferhaal it bêste publisearre wurde kin.

Fraach fan Johannes Houtsma, kinne de kollega's fan RTV NOF en Zilt hjir ek gebrûk fan meitsje? Ingrid Spijkers lit witte dat sy de trainingen by de Omrop krije. Mar it systeem kinne se foarearst net oankeapje omdat it te djoer is.

Foarsitter Doeke Fokkema stelt de fraach dat wannear je de webside besykje of de app is it net altyd yn it Frysk, hoe kin dat? Ingrid Spijkers leit út hoe't dat wurket.

Nynke Beetstra is wol benijd nei hokker berjochten mear lêzen wurde, de Fryske of de Nederlânske. En as dat ek ta mear besikers oplevere hat. De Omrop hat online in kampanje opset om ús Nederlânstalige app ûnder de oandacht te bringen. De Omrop is der foar alle Friezen en we witte dat net elkenien it Frysk lêze kin.

Marrit de Schiffart merkt op dat it systeem Smart Octo ek op ferkearde wize brûkt wurde kin, as je spesifike kopteksten brûke om mear besikers te krijen. Dat is seker net de ynstek lit Ingrid witte. It giet net om clickbates. It giet der om dat je it publyk objektyf ynformearje. Mar as bliken docht dat guon artikels net of amper lêzen wurde dan moat de diskusje fierd wurde oft dizze ferhalen wol by ús passe en en hoe kinne we it dan wol bringe sadat it wol lêzen wurdt.

**6. Byprate ynterne wurkgroep**

De ynterne wurkgroep fan de Mediaried hat oerlis hân en stelt foar dat de earste byienkomst mei natuerorganisaasjes wêze sil. It nije team Lân en Wetter sille útnûge wurde foar dizze byienkomst → **Aksje Ingrid Spijkers en de wurkgroep fan de Mediaried** sille dizze byienkomst tariede.

De Mediaried nûget gesprekspartners fan natuerorganisaasje út en it team Lân en Wetter. Fierder wurdt der foarsteld om in ûnôfhinklike gesprekslieder út te nûgjen en in eksterne lokaasje te sykjen.

**7. Omfreegjen:**

- Foarsitter Doeke Fokkema freget oan de oanwêzigen wat op de wurklist fan 11 desimber komme moat: de achterban-wurkgroep.
- Nynke Beetstra: is dwaande mei in ûndersyk en makket gebrûk fan de app fan IPSOS. Mar no wurket de app fan Omrop Fryslân net mear? → **aksje Ingrid Spijkers** sil dat trochjaan oan de ICT-ôfdieling fan de Omrop.
- Geert Kingma: de foarsitter fan de Freonen fan Omrop Fryslân, Vera Stilma, hat witte litten dat sy it foarsitterskip delleit. De Freonen sille wer op syk nei in nije foarsitter.

**8. Sluten:** De foarsitter slút de gearkomste.